

TWA

It ferhaal:

It toanielstik "TWA" spilet yn de herberch fan Klaas en Jantsje van der Zee, oan de taap sitte ornaris net folle gasten. Troch de wike sa'n seis, sân, dan hâldt it wier wol op en faaks binne it dan ek noch de fêste klanten. Jo witte wol, klanten dy't elkenien kin, en sels as jo der net bliid mei binne, harren altyd temjitte komme as wienen it jo bêste freonen. Op dizze jûn sit de kroech grôtfol, it komt harren suver oer it mad. Dus de mouwen opstrûpt en de kop derfoar, soene jo sizze.

Mar no ferrint de gearwurking tusken Klaas en Jantsje net altyd maklik, beide ha it dreach om elkenien op tyd in slokje as in hapke te bringen en dat jout de nedige spanning. Op sokke jûnen treffe jo dan ek noch altyd lju dy't oan de bar skowe om dêr har eigen ferhaal te fertellen. Minsken dy't efkes bykomme ûnder it genot fan in lekker gleske bier, oaren om har eigen ego goed sjen te litten. Somtiden ha jo begrutsjen, as de teannen krom yn de skuon, oaren slúte jo fuortendaliks yn jo hert. Hawar, Klaas en Jantsje ha in drokke jûn en ek sy hawwe har eigen ferhaal.

Personaazjes:

Klaas van der Zee, kastlein:	Geert Couperus
Jantsje van der Zee – Sikkema, kastleinske:	Baukje de Jong
Sjonnie Roosjen:	Theo Jelsma
Anita Boonstra:	Karin Sjaarda
Jet Lettinga:	Rigt Bergsma
Kees Jaarsma:	Berend Santema
Monica Braun:	Baukje de Jong
Faiky de Jong:	Elisabeth Breeuwsma
Wullum Ferwerda:	Geert Couperus
Gerke van Est:	Berend Santema
Tryn van Est:	Akke Veldman
Maike de Groot:	Romine Jelsma
Piter – Sybren de Haas:	Sibo Boersma

Kaarten en frijkaarten:

Kaarten kinne jo by Eppie Heins (Populiereleane 5) as Antje Stenekes ('t Kleaster 8) keapje. Der binne dit jier minder plakken beskikber as oare jierren, 90 plakken per foarstelling. Dêrom is it fan belang dat jo fan tefoaren kaarten keapje, dan binne jo wis fan in plakje. Ek at jo donateur binne wolle wy graach dat jo de kaarten fan tefoaren ophelje. De tagong is € 7,50 (bêrn € 5,00).

By elke foarstelling is in ferlotting. Op sneon is der in neisit yn it kafee mei in stikje muzyk. Sneins kinne jo nei it stik oanskowe foar in lekker hapke iten.

Oant sjen op 17, 18 as 19 maart!

